IT AMBYLD

Nû. 52

ISSN: 2542-7423

IT FRYSK BOUN OM UTENS

Foarjiersmoanne 2023

Skriuwer: Kees van der Beek
Beemdweg 29
3852 XC ERMELO
till. 0341 - 559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
webside: www.fryskbutenfryslan.frl

Lit dan krûpe dat net gean doar
Lit dan bûge dat net stean doar –
Dy't gjin krûpen learde giet,
Dy't fan bûgjen frjemd bleau stiet,
Heech it hert, heech de kop:
Frysk bloed, tsjoch op!

(Fedde Schurer : Betinkstien oan Kneppelfreed)

Administraasje: J. Vogel
Yellowlaan 4
1695 HV Blokker
INGbank rekkennûmer: NL94INGB0000320077 op namme fan:
It Frysk Boun om Utens, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker

Utnoeging .....

foar de 99ste Algemiene Gearkomste fan "It Frysk Boun om Utens" op sneon 25 maart 2023 yn Lelystêd: BOER KOK – Meerkoetenweg 9, 8218 NA Lelystêd – 0320– 417 731.

Hoe komme jo dêr.... sjoch op it kaartsje hjirûnder:



Mei de auto: Kommendewei fia de A6 fanôf Almere of de oare kant fanôf Emmeloord nimme jo de ôfslach nûmer 10 nei Lelystêd-Hurderwyk. Op weinûmer 302 rjochting Hurderwyk nimme jo de earste ôfslach rjochts en oan de linkerhân leit de buorkerij BOER KOK oan de Meerkoetenweg nûmer 9.
Kommendewei fanôf Hoarn ride jo er de wei nûmer 307 de Markerwaarddyk en ferfolge jo de wei rjochting Hurderwyk en weinûmer 302 – sjoch fierder hjir boppe....
Kommendewei fanôf Hurderwyk nimme jo op de 302, foar't jo Lelystêd ynride, de ôfslach nei links fan de Meerkoetenweg – sjoch fjirder hir boppe.

Wa't komt, hat it opjûn by de skriuwer fan de eigen krite: foar 10 maart - jou dúdlik oan mei hoefolle minsken as jo

- **nei de AG komme**
- **tusken de middei lunsje wolle by BOER KOK - € 17,50 p.p. – spesjale dieet-winsken (tink bygelyks oan glute-frije broadsjes – molke of sûpe en sa)**
- **de Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei Peter Tuinman bywenje wolle - gjin kosten oan ferbûn.**
- **it teaterprogramma meimeitsie wolle – yntree: 10.00 kriteleden / € 12.50**

It Programma fan de dei:

10.00 oere Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de Sékrite Lelystêd mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke;

Foar elk leit in nammekaartsje klear. Foar de skriuwers fan de kriten leit dan ek it tal ledekaarten foar it nije winterskoft 2023/2024 klear om mei te nimmen.

NB. Ek in moaie gelegenheid en keapje by de skriuwer oarkonden foar de priis fan € 1,-- it stik foar dy leden, dy't jim ris yn 't sintsje sette wolle.

10.30 oere Algemiene gearkomste;
12.00 oere Lunsj-skoft;
13.30 oere Moeting en Ynspiraasjemiddei - ynlieder: Peter Tuinman;
15.00 oere Skoft;
15.30 oere Teaterselskip ADYRF;
17.30 oere Dei ôfslute;
18.00 oere Foar wa't wol: waarm-ite by BOER KOK

It Frysk Boun om Utens en de Sékrite rekkent fansels de hiele dei op jimme!

De Sékrite fan Lelystêd nûget jimme spesjaal út om ek it teaterprogramma ADYRF by te wenjen: krite-bestjoeren – bring jim leden dêrom ek op 'e hichte fan dit teaterbarren. Jim leden jouwe by de eigen skriuwer oan:
1. dat sy graach komme wolle , en
2. dat sy de jûnes om 18.00 oere ek mei-ite wolle - dat dogge sy foar 10 maart – de skriuwer fan de krite jout de 11e maart it tal AG-gongers, de MYM-gongers, de teater-gongers en jûns-iters troch oan: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

Foar de oerbliuwers is der

- om 12.00 oere in lunsj - € 17,50 de man/frou: By de yntree fan de AG foarôf ôfrekkenje by de ponghâlder fan it FBoU, dhr. Jan Vogel
- Kosten foar it programma Kabaretselskip ADYRF: *€ 10,00 it kritelid / € 12,50 it net-kritelid – graach sa op 't hantsje.... ôfrekkenje yn 't middeis-skoft tusken 12.00 en 13.00 en 14.30 en 15.00 oere by de ponghâlder fan de Sékrite.*
- It waarm miel jûns (foar wa't wol...) kostet € 29,50 p.p. – ek ôfrekkenje by de ponghalder fan de Sékrite.

De skriuwer, Kees van der Beek

Wurklist 99ste Algemiene Gearkomste yn Lelystêd

Wolkomstwurd fan de gast-Sékrite fan Lelystêd – de hear Luit Dijk

1. Iepening AG troch de foarsitter fan it Frysk Boun om Utens, de hear Jan Bijkerk.
2. Meidielingen en ynkommen stikken.
3. Oantekens fan de 98ste A.G. (side 4-13).
4. Jierferslach skriuwer oer 2022 (side 14-18).
5. Ferslach rekkenopnimmers oer 2022 (Hoarn en Hurderwyk) en beneamen nije rekken-opnimmers (Hurderwyk en Lelystêd).
6. Finânsjes: (side 19-20)
   a. Jierrekken ponghâlder 2022.
   b. Begrutting 2023.
7. Algemiene Gearkomste 2024 (side 20).
8. Toanielsaken: (side 20-21).
   - It Boun.
   - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel).
9. Bestjoer: Ofgean en wer ynhieren fan nije bestjoersleden (side 21-22).
10. Jubileum FBoU 100 jier – 16 septimber 2023 (side 22-24).
11. Kontakt bestjoersleden mei de kriten (side 25).
12. Moetings- en Ynspiraasjemiddei 2024 (ideeën) (side 25-26).
13. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 26-28).
14. Promoasje Boun (side 28).
15. Nijsfoarsjenning nei de kriten ta (side 29).
16. Nijs fan de Studinteferienings (side 29-31)
17. Folkshegeskoalle Schylgeralân (side 31-32).
18. Wat fierder noch op it aljemint komt.
19. Omfreegjen.
20. Sluten fan de 99ste Algemiene Gearkomste

Ad 3 Oantekens fan de 98ste Algemiene Gearkomste fan "It Frysk Boun om Utens" oer 2021 fan 26 maart 2022.

1. **Wolkom troch de foarsitter fan de krite Boadegraven (Fier fan Hûs), Hâns Dijk**
   Hâns hjit it Bounsbestjoer en alle bestjoeren en leden fan de oanwêzige kriten wolkom. Hâns hat in pear húshâldlike meidielings en seit dat der nei de MYM in

ferlotting hâlden wurdt; alle oanwêzigen hawwe in lotsje krigen. De ferlotting is fergees, om't de krite Boadegraven har 75 jierrich bestean fiert. De krite kin, neffens Hâns weromsjen op in rike histoarje. Hy sil der letter op de dei wol op weromkomme. Foar no is it wurd oan de foarsitter fan it Boun, Jan Bijkerk.

Jan Bijkerk fynt dat de gearkomste op in moai plak hâlden wurdt. Der hingje in protte Fryske flaggen; it plak fan gearkommen is eins net te missen. Jan winsket de jubilearjende krite Fier fan Hûs lok; it is neffens Jan in sûne krite en 'der kin noch wol 75 jier by'. De krite krijt tank foar it organisearjen fan de AG en MYM; der binne blommen foar de foarsitter, Hâns Dijk.
Jan Bijkerk seit dat it moai is om elkoar wer ris te sjen. It is in rare tiid mei koroana en mei de kriich yn Oekraïne. In spesjaal wolkom is der foar Hâns Dijk, as earelid. Jan fertelt dat de eareleden Klaas Bos en Hâns Weijer ferstoarn binne. Klaas Bos yn novimber ferline jier en Hâns Weijer yn febrewaris fan dit jier. De sibben wurdt krêft tawinske. Der is ek in spesjaal wolkom foar de hear Arjen Dijkstra, dy't út namme fan de Ried fan de Fryske Beweging de dei meimeitsje sil.

De foarige AG wie yn septimber fan it ferline jier; dizze komt der gau efteroan. Jan draacht in gedicht fan Han Tuininga ("*De lytse Fries om útens"*) foar. Dat spilet yn de tiid fan de emigraasjes. In drege tiid, mar dat wie doe sa. Jan neamt ek it tal e-mailstipers, fan oeral yn 'e wrâld, sa'n 135 stiks. De kriten ûntstienen oeral, yn it bûtenlân, mar ek yn Hollân, út ûnwennigens; dat is no noch hieltyd sa, mar de ôfstânnen binne lytser wurden en mei dêrtroch wurde ek de kriten lytser en minder yn tal.
Der binne no noch 12 oer bûten Fryslân. Om it kontakt tusken kriteleden faaks wat stipe te jaan, komt der in ûndersyk nei hokker mooglikheden hjirfoar binne. Dat bart yn kontakt mei de studinteferienings en oare organisaasjes, dy't mei deselfde problematyk te krijen hawwe.
Dan jout Jan in oersjoch fan de dei, en dêrnei wurdt it Frysk Folksliet songen (omt Jaap Bakker mei syn lûkpûde der net is, wurdt it folkslied ynset troch Gerrita Otten.
Hjirmei is de 98ste AG fan it Frysk Boun om Utens iepene.

2. Meidielings en ynkommen stikken:

2.1. Oanwêzich binne 47 persoanen, ynkl. it bestjoer fan It Boun.
Ofwêzich binne: de kriten Assen, Hoarn en Twinte. Fan de oare krites is der fertsjintwurdiging.

Berjocht fan behindering is kommen fan:

- **Fryske Akademy** *Tige tank foar jo berjocht, ik ha de útnûging omstjoerd by de meiwurkers fan de Fryske Akademy. Alfêst in goede gearkomste tawinske.*

- **Omrop Fryslân** *Tige tank foar jo mail. Ik haw ûndersteand berjocht Trochstjoerd nei de redaksje. Sy nimme jo mail yn behanneling. Ik hoopje jo hjirmei foldwaande ynformearje te hawwen.*

- **Femke Heijs/KfdK** *Namens de commissaris van de Koning mag ik u heel hartelijk bedanken voor uw vriendelijke uitnodiging voor de Algemiene Ledegearkomste van het Frysk Boun om Utens. De commissaris*

  waardeert de uitnodiging bijzonder. Ik mag u echter ook laten weten dat de commissaris geen gebruik maakt van uw uitnodiging. Ook hartelijk dank voor het toezenden van het Ambyld.
  Graag wens ik u op 26 maart een goede bijeenkomst en voor het overige ook veel succes met het Frysk Boun om Utens.

- **S. Poepjes** *Tige tank foar jo útnûging foar de Algemiene Ledegearkomste (AG) fan it FBoU op sneon 26 maart 2022 yn Reeuwyk.*
  Deputearre Sietske Poepjes winsket jimme in goeie fergadering ta mar is selfs net yn 'e gelegenheid om oanwêzich te wêzen.

- **Frou fan Klaas Bos** *Helaas moet ik u meedelen dat mijn man Klaas Bos, vorig jaar november, aan Corona is overleden.*
  Het was midden in de Coronatijd in de zware lockdown, er waren nog geen vaccinaties, er waren veel beperkingen en er is daardoor ook veel fout gegaan bij de begrafenis.
  Niet alle kaarten zijn door de begrafenisondernemer correct verzonden, blijkbaar dus ook niet naar het FBoU.
  Ik heb nog het speldje van het erelidmaatschap, dat zal ik opsturen naar uw adres.

Mijn man heeft met heel veel liefde en plezier zijn werk bij de Krite en voor het Boun gedaan.
Volgende week (18022022) wordt de grafsteen (pas) geplaatst, door Corona vertraagd en er komt uiteraard een Friese vlag bij.
Met hartelijke groeten en een prettige vergadering in Bodegraven.

- **Johannes Metsges Elgersma** fanút Tasmanië, nei't hy as email-stiper fan It FBoU wie ynskreaun – de wolkomsbrief joech dizze reaksje:
  "Blinder, wat binne jim fluch by de tiid, dat binne wy net wend yn Australië. Sa fluch in andert ha wy yn gjin 33 jier hân.
  No hjir efkes yn it koart; Tetsje komt fan Dokkum en ik kom fan Harich (Fr) (der is ek in Harich yn Armenia) en beide binne wy yn 1968 út Fryslân tein en ha sa'n seis jier yn Drinte wenne. Doe mei twa bern nei Alberta tein en ha der doe hast 15 jier wenne. En yn desimber 1988 kamen wy yn Victoria telâne.
  Begjin 2008 nei Tasmanië tein, ha hast 14 jier yn Jetsonville wenne en ôfrûne jier oktober kaam te wenjen op/yn Poatine. Poatine leit op in grutte hichte.
  Ja, as lytsfeint skriuw ik myn namme achterste foaren en dat kaam ús tige fan pas yn Kanada want der wienen mear fiere sibben, sadwaande neamden wy ús buorkerij doe ***Amsregle Farm*** *- wie nofliker foar de post."*
  Ja, wy ha allinnich mar ferlet fan Bouns-berjochten.
  Mar fêst tige bitanke."

- **Pier Bergsma** – âld foarsitter RFFB: *"Spitich, mar ik bin nije wike saterdei behindere. Ik tink dat ien fan de oare bestjoersleden komt, of wa wit - al oanmeld hat. Goede gearkomste tawinske".*

Hjirnei wurde steand de minsken dy't ferstoarn binne, betocht.

2.2. De ledekaarten wurde tastjoerd oan de kriten, om't Jan Vogel, de ponghâlder, der net is hjoed.
2.3. Foar lunsj en foar yn't skoft binne der muntsjes útdield.
2.4. Fan ferskate kanten binne reaksjes op it Ambyld kommen

- **RFFB** *Tank foar jim útnûging + oanfolling foar jim gearkomste op 26 maart.*
  Us foarsitter Pier Bergsma sil besykje te kommen, mar dat sil er jim sels noch wol witte litte.
  In skoft lyn ha wy as Ried fan de Fryske Beweging St. Keunstwurk en St. Doarpswurk oanskreaun om't se amper Frysk brûke yn harren kommunikaasje (nijsbrieven, webside), wylst se beide midden yn de Fryske mienskip operearje. En Keunstwurk ek nochris foar de belangen fan de Fryske kultuer opkomt. Fan Doarpswurk krigen we in positive reaksje, dat se it deroer hân hawwe en besletten hawwe tenei mear Frysk te brûken, sawol mûnling as skriftlik. Fan Keunstwurk ha we gjin inkele reaksje krigen.
  No liezen we yn jim Ambyld 51 dat jim belutsen binne by it oprjochtsjen fan de feriening Iepen DoEk. Foarsafier't wy fan jim begripe, bestiet Iepen DoEk no út Keunstwurk, IFAT en STAF en oerwaagje jim jim as FBoU om dêrby oan te sluten. Wy freegje ús ôf oft jimme jim ynfloed ek brûke kinne om it Frysk in better en rjochtfeardiger plak te besoargjen yn dy organisaasje. It moat fansels net gekker wurde dat der oer it Fryske toaniel yn it Hollânsk kommunisearre wurdt. Wy sjogge benammen Keunstwurk dêr op oan. Wat in ferskil mei syn foargonger Fryske Kultuerried, dy't in soad yn it Frysk die en dêr't it Frysk op it foarste plak stie.
  Oer Iepen DoEk is fierder noch net in soad te finen. Miskien dat it troch koroana noch net op oarder is, mar it soe moai wêze as mei dy nije feriening ek in nije frisse Fryske wyn oer Keunstwurk en de amateurtoanielwrâld waaie soe. Jim kinne dêr grif ynfloed op útoefenje. Wy binne benijd hoe't jim deroer tinke.

- **Fryske Akademy** *Tige tank foar jo berjocht, ik ha de útnûging omstjoerd by de meiwurkers fan de Fryske Akademy.*
  Alfêst in goede gearkomste tawinske.

- **Omrop Fryslân** *Tige tank foar jo mail. Ik haw ûndersteand berjocht*

trochstjoerd nei de redaksje. Sy nimme jo mail yn behanneling. Ik hoopje jo hjirmei foldwaande ynformearje te hawwen.

2.5. Minsken dy't meidwaan wolle oan it Frysk Diktee, kinne harren opjaan en der wurdt noch ûndersocht oft der faaks 'online' meidien wurde kin.

2.6. Ynkommen stikken:
Der binne gjin ynkommen stikken dy't behannele wurde moatte.

3. Oantekens fan de 97ste Algemiene Gearkomste

3.1. Flaters yn de tekst: gjinien.
De oantekens wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller(s).

3.2. Nei oanlieding fan: gjin opmerkings.

4. Jierferslach skriuwer oer 2021

- side 10, lêste sin: '110' moat wêze '100'.
It ferslach wurdt fêststeld mei tank oan Kees v.d. Beek.
Nei oanlieding fan side 12 (it 'blaue stik) komt der foar de kriten in stikje tekst fan de skriuwer, dêr't tastimming yn frege wurdt om foto's op te nimmen yn it tinkboek oer 100 jier FBoU.
De oanwêzigen wurdt frege oft der beswier is dat der hjoed foto's nommen wurde. Dat blykt net it gefal te wêzen.

5. Ferslach rekkenopnimmers oer 2021 (Hiversum en Hoarn) en beneamen nije rekkenopnimmers

Jan Koopmans (krite Hilversum) docht, mei út namme fan Popke Slange (krite Hoarn) ferslach: de opmerkings fan ferline jier oer IFAT binne oernommen en yn it Ambyld stiet in taljochting. Dêrmei is it tige yn oarder, neffens Jan Koopmans. Hy docht it útstel om it bestjoer te ûntlêstigjen. De gearkomste nimt it oer.
De rekkenopnimmers wurde betanke foar harren wurk. Rekkenopnimmers oer 2022 wurde Hoarn en Hurderwyk.

6. Finânsjes

6.1 Jierrekken ponghâlder 2021
Der binne gjin fragen oer de jierrekken.

6.2 Begrutting 2022
Der binne gjin fragen oer de begrutting 2022.

7. Algemiene gearkomsten 2023

De AG fan 2023 is op 25-03-2022. Krite Lelystêd wol dizze AG wol organisearje. Jan Bijkerk freget de kriten om op dizze dei gjin kriteaktiviteiten te organisearjen, sa't eltsenien nei de AG kin.

8. Toanielsaken

8.1 It Boun: Jan Bijkerk hat kontakt hân mei Teatske Haanstra (krite Assen). Dizze toanielploech hat op it stuit neat op 'e priemmen.

8.2 IFAT: By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen.
<u>út de oantekens fan de AG oer 2020:</u>
IFAT ('It Frysk Amateur Toaniel') is yn 1953 oprjochte troch:

** BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen*

** FBOU – Frysk Boun om Utens*

** It âld Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse*

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.
IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toanielomballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

Der wurdt al wat langer praat oer in oare oanstjoering; der is in nije opset 'Doëk', dêr't It Boun lid fan wurde kin. Yn dizze nije organisaasje komme dan Selskip 1844, FAT, Keunswurk en It Boun. It Boun hat oanjûn wat foar harren wichtich is (bynammen subsydzje foar toanielploegen, dy't bûten Fryslân spielje, op it mead fan reiskosten (dat makket is foar kriten op utens makliker om toanielploegen yn te hieren foar in kritejûnof -middei) en subsydzje foar sjongkoaren en oare kultuer-uterings.
Jan Bijkerk seit dat, mei troch koroana, alles kwa gearkomsten stilleit. De foarsitter fan IFAT is drok dwaande mei de subsydzje-oanfraach. De oergong nei 'IepenDoEk' hat noch neat opsmiten. It formulearjen fan de juridyske opdracht rint noch. Yn maaie wurdt de saak op 'e nei bepraat. Wurdt ferfolge...

9. Bestjoer – ôfgean en wer ynhieren fan bestjoersleden

It roaster fan ôfgean sa't dat fêststeld is, is:
2022: Kees v.d. Beek en Hylke de Haan
2023: Gerrita Otten
2024: Gerrit Stegenga en Jan Vogel
2025: Jan Bijkerk

Kees v.d. Beek en Hylke de Haan binne ôftredend. Der binne gjin tsjinkandidaten bekend. Beiden hawwe sein noch wol in termyn trochgean te wollen. De gearkomste fynt dat in goed idee. Mei hântsjeklap wurde beide mannen werkeazen en der is ek foar beiden in bosk blommen.

10. Ynformaasjemap

Jan Bijkerk seit dat it byhâlden fan de map tiid kostet en freget wa fan de kriten de map brûkt.
- krite Apeldoarn: sa no en dan;
- krite Boadegraven: oan it begjin fan it seizoen;
- krite Hilversum: gjin idee;
- krite Hurderwyk: net folle;
- krite Lelystêd: foar nije ideeën foar in kritejûn;
- krite Meppel: regelmjittich yn bestjoersgearkomsten;
- krite SED: sa no en dan;
- krite Swol: selden;
- krite Utert/Seist: foar koroana wol. De aginda op de webside jout ek ynformaasje.

Jan Bijkerk seit dat it bestjoer him nochris oer de ynfomap bûgje sil.

11. Jubileum FBoU 100 jier – 16 septimber 2023

It predikaat 'Keninklyk' is oanfrege by de boargemaster fan De Haach. Der wurdt frege wa't meihelpe wol by de ferlotting op dizze dei. De kriten Boadegraven en Lelystêd sille dizze karre lûke.

12. Kontakt bestjoersleden mei kriten

De bestjoersleden fan it Boun binne ek kontaktpersoan foar de kriten sa as hjirûnder werjûn:

Jan Bijkerk	* kontaktpersoan foar de kriten: Utert/Seist, Assen
Kees v.d.Beek	* kontaktpersoan foar de kriten: Swol, Súdeast Drinte
Jan Vogel	* kontaktpersoan foar de kriten: Lelystêd, Roan
Gerrit Stegenga	* kontaktpersoan foar de kriten: Twente, Meppel
Hylke de Haan	* kontaktpersoan foar de kriten: Hoarn, Boadegraven
Gerrita Otten	* kontaktpersoan foar de kriten: Hilversum, Hurderwyk, Apeldoorn

Op de webside stiet ek de (nije) ferdieling van de bestjoersleden oer de ledekriten. Der binne gjin fragen oer.

13. Moetings- en ynspiraasje middei 2023

De MYM yn 2023 is op 25-03, tagelyk mei de AG. Suggestjes foar de ynfolling binne tige wolkom by de skriuwer.
It ferslach fan de MYM yn 2022 wie 'kreas'.

14. Mediasaken / Omrop Fryslân

Der binne gjin ûntwikkelingen. De stân fan saken is noch gelyk oan de situaasje sa't dy beskreaun is it yn Ambyld nû. 51.

15. Promoasje Boun

Jan Bijkerk freget de kriten om harren aktiviteiten troch te jaan oan 'e skriuwer, sadat se in plakje krije kinne op de webside fan It Boun.
Hylke de Haan docht ferslach fan de stân fan saken fan it op 'e priemmen steande ûndersyk nei it tapassen fan sosjale media om in antwurd te krijen op it tebekrinnen fan it kritelibben. Dat spilet yn mear organisaasjes. Hylke seit dat der in pear 'brainstoarmsesjes' west binne nei hokker mooglikheden der binne. Der wurdt wurke oan in opdracht oan Stenden Hegeskuolle yn Ljouwert om dit ûndersyk út te fieren. Fanút it Boun is Jan Boomgaardt (fan de ophefte krite De

Haach) by dit ûndersyk belutsen. Der binne gjin fragen oer.
Jan Bijkerk stelt út namme fan ponghâlder Jan Vogel om de bydrage dy't eltse krite betellet foar it yn stân hâlden fan de webside (€ 180,- yn't jier) te ferheegjen fan € 10,- nei € 15,-. De gearkomste is it hjirmei iens.

16. Nijsfoarsjenning nei de kriten ta.
Neist de **Ynformaasjemap** is der op de webside ek in 'blog'. Dêr wurdt noch net folle gebrûk fan makke. Kees v.d. Beek seit dat der (oer de hiele wrâld) no sa'n 135 e-mailstipers binne, dy't de **Nijsbrief** krije.

17. Folkshegeskoalle Schylgeralân
De Folkshegeskoalle is troch koroana in tiid ticht west, mar fanôf 1 july binne se wer iepen. Der binne gjin fragen oer.

18. Wat fierder noch op it aljemint komt
Fanút de krite Boadegraven komt de opmerking dat it e-mailadres op de webside net goed is. Tiny Broere sil it nochris trochjaan oan de skriuwer.
Der is wat betizing oer it e-mailadres fan de krite Meppel. Moat it no 'walingdykstra' wêze of 'walingdijkstra'? Neffens Ludzer v.d. Schors (krite Meppel) is it 'walingdijkstra', mar nei de gearkomste komt der in e-mail fan Ludzer: it moat dochs 'walingdykstra' wêze, krekt sa as it op de webside fan de krite stiet. Der hoecht dus neat wat feroare te wurden.

19. Omfreegjen

19.1 Arjen Dijkstra (RFFB) seit dat de Ried te krijen hat mei in tal fakatueres yn it bestjoer: Foarsitter Pier Bergsma is ophâlden en der is noch gjin nijen-ien. Fierders neamt hy it Fryslan Fûns, der't op de tafels mear ynformaasje te finen is, en hy makket reklame foar it Bûsboekje.

20. Sluten fan de 98ste Algemiene Gearkomste
Jan Bijkerk betanket de krite Boadegraven en sealesintrum De Brug foar de gastfrijens. En fansels de dielnimmers foar oanwêzigens en ynbring. Hy winsket eltsenien dy't no al nei hûs giet in goede reis ta.
Foar de oaren is der no in lunsj en dêrnei it middeisprogramma mei MYM en teater. Jan slút de gearkomste.

Gerrit Stegenga, april 2022

Ad 4 Jierferslach 2022 fan de Bounsskriuwer

It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde kriten hawwe in sit yn it bestjoer:

Jan Bijkerk	Lelystêd	: foarsitter
Kees van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
Hylke de Haan	De Haach	: algemien
Gerrit Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
Gerrita Otten	Utert	: algemien
Jan Vogel	Hoarn	: ponghâlder

- Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl
- Jan Bijkerk en Gerrita Otten wienen mei ús âld-foarsitter en earelid dhr. Hâns Dijk fertsjintwurdige nei it IFAT
- Kees van der Beek wie fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2022 in tal kearen gear west op:

- 5 jannewaris : Oerlis mei it behear sealesintrum “De Brug” yn Reeuwyk
- 12 jannewaris : Bestjoersoerlis FBoU - fia TEAMS
- 14 febrewaris : Bestjoersoerlis FBoU - fia TEAMS
- 7 maart : Bestjoersoerlis FBoU – fia TEAMS
- 9 maart : Tariedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk
- 26 maart : AG FBoU – Reeuwyk/Boadegraven
- 9 april : Jubileumfiering 50 jier Sékrite - Lelystêd
- 23 april : Riedsgearkomste Ried fan de Fryske Beweging – Ljouwert
- 4 maaie : Bestjoersgearkomste FBoU – Lelystêd
- 1 juny : Tariedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk
- 8 juny : Besite oan Tresoar – Ljouwert; ûndersyk nei it begjin FBoU yn 1923
- 13 july : oerlis mei bestjoer RFFB – fia TEAMS
- 24 augustus : Bestjoersoerlis FBoU – Bilthoven
- 31 augustus : Tariedingskommisje FBoU100 jier - Hurderwyk
- 22 septimber : FBoU-bestjoersoerlis – fia SKYPE
- 26 oktober : Tariedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk
- 27 oktober : Riedsgearkomste Ried fan de Fryske Beweging – Marsum
- 1 novimber : Bestjoersoerlis FBoU - Apeldoarn

It nije jier wie noch mar 4 dagen âld doe't foarsitter en skriuwer foar oerlis mei it behear sealesintrum "De Brug" yn Reeuwyk en bestjoersleden fan de krite Boadegraven byinoar kamen om de AG fan 26 maart ta te rieden. Op dat stuit moasten wy noch slim rekken hâlde mei beheinings yn ferbân mei koroana. Lokkich binne de rigels yn maart wat liniger wurden en is de AG sûnder grutte tûkelteammen ferron.

In tal minsken, dy't fan betsjutting west binne foar it FBoU binne ús dit jier ûntfallen:

- ús âld-skriuwer en earelid Hâns J. Weijer fan Appelskea is nei jierren fan ôfnimmende sûnens 10 febrewaris ferstoarn.
- 24 maaie ferstoar Henny Dijk-Troost, de frou fan ús âld-foarsitter Hâns Dijk fan Boadegraven.
- Foarsitter en tige warber skrepper fan it IFAT, frou Geeske Frieswijk fan Mildaam is 28 septimber hommels ferstoarn.
- Boukje Andringa-Brattinga fan Maartensdijk, âld-bestjoerslid fan it FBoU, is 15 oktober ferstoarn.
- Anne Tuiten, âld-bestjoerslid en foarsitter fan de krite Súd-East Drinte en in tsiental jierren in sit yn it Bounsbestjoer (fan 1996 oant 2006) hân, is 24 desimber ferstoarn. Syn frou Roelie wie 19 septimber 2020 al ferstoarn – beide binne tige warber west foar de eigen krite.

Wat aktiviteiten oanbelanget, is 2022 wer in bysûnder jier west: beheinings troch koroana makken earst út hokker romte wy nimme koenen. Lokkich kaam der hieltyd mear romte en koe alles wer 'gewoan' trochgean. Yn gearwurking mei it bestjoer fan de Fryske krite "Fier fan Hûs" fan Boadegraven is de AG en tagelyk de Moetings- en Ynspiraasjemiddei opset. De krite koe no har 75 jierrich bestean fan ferline jier op 26 maart foar har leden en gasten fan it Boun organisearje.
De tariedingskommisje foar it Jubileumfeest fan 100 jier FBoU fan 16 septimber 2023 is in tal kearen fia TEAMS gear west om details út te werken foar dy dei – fierder kamen dy in tal kear gear yn de Kiekmure yn Hurderwyk.

Eareleden

De list mei eareleden fan it Boun seach der sa út:

- *Klaas Bos fan Lexmond †;*
- Stoffel Haagsma fan De Gordyk;
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalfsen;
- *Hâns J. Weijer fan Appelskea †;*
- Hâns Dijk fan Boadegraven;

It Boun

Mei 12 oansletten kriten gongen wy it jier 2022 yn mei 1206 kriteleden.
Yn it ramt fan PLAN23 binne der oant no ta sa'n 130 e-mailstipers fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Tasmanië, Kanada, Dútslân, Denemarken en Spanje binne der e-mailstipers.

De Dielen

Fan sawol it diel Midden-Nederlân, foarme troch de kriten Hilversum, Utert/Seist, Lelystêd en Hurderwyk as it diel Noard, foarme troch de kriten Assen, Meppel, Roan en omkriten, Súdeast Drinte en Swol, is dit jier gjin gearkomste west.

Ledetal

Sa as al by It Boun beskreaun is, is it ledetal opnij tebekrûn.
Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It Boun: it tebekrinnen fan it ledetal by de kriten is bekend: âlde leden, dy't der by weifalle, mar suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoe-ren fan de kriten dogge alle war om elk winterskoft wer in kreas programma foar de leden op priemmen te setten. It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kritelibben: alle lof dêrfoar!

Selskippen fan bytiden wit hoe fier út Fryslân, komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler en minder oantreklik. It bestjoer fan it FBoU is al in tiidlang dwaande om yn gearwurking mei it IFAT, STAF en Keunstwurk in nije organisaasje fan 'e grûn te krijen, dy't foar de Provinsje Fryslân oantreklik genôch is om de belangen te behertigjen fan it Frysk Amateurtoaniel om dat ûnder ien nûmer te stypjen. Yn 2022 soe dy nije organisaasje fierder hannen en fuotten krije. Fanwegen de koroana is dit oppenij efterop rekke. It Boun hat kontakt hân mei Geert Louwes, de foarsitter fan STAF. Yn maart 2021 hawwe se fia de rjochter de namme STAF omsetten yn de namme '**Iepen DoEk'**, in nije feriening, dêr't FBoU ek lid fan wurde kin. De ynformaasje oer dat wat it FBoU fan dizze nije organisaasje ferwachtet, is oan harren levere. Wy wachtsje noch op harren antwurd. It ferstjerren fan Geeske Frieswijk, foarsitter fan it IFAT, hat de beslútfoarming lykwols noch mear nei efteren treaun.

Krite-aktiviteiten

It jier 2022 wie wer in bysûnder jier; wat yn jannewaris noch op priemmen stie, waard al rillegau ôfblazen. Fanôf maart gie de doar stadichoan wer iepen: koroana wie net langer mear dwerslizzer, wy mochten wer nei ús fertroude lokaasjes gean. In pear

kriten hawwe oan it begjin fan it jier noch in nijjiersgearkomste holden, en dêrnei binne in soad aktiviteiten wer úteinset. It tal minsken, dat byinoar komme mocht, wie lykwols beheind – men is noch skruten om yn grutter selskip byinoar te kommen..

Kriten

Foar it oersjoch fan de ledetallen, stiftingsjierren en krite-aktiviteiten ferwize wy nei bylage II (side 34-35). Bylage I (side 33) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 31 desimber 2022. Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside. De adresgegevens binne foar it grutste part nei de nijste Europeeske AVG-rigeljouwing oanpast en binne dêr ek te finen : www.fryskbutenfryslan.frl. Alle ynformaasje, dy't kriten sichtber oanbiede yn harren kriteblêden en dy ek op de webside fan it Boun sette litte, moat oan de Europeeske privacy-rigels foldwaan: wa't persoansgegevens fermelt moat betinke, dat elk dêr jierliks tastimming foar jaan moat – de skriuwer fan de krite sjocht dêrop ta en hâldt de administraasje dêrfan by.

AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming - Privacy

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, binne we ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens wy fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa't dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- E-mailadres

Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. We brûke de gegevens allinnich mar om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan tredden oanbean.

De Ried fan de Fryske Beweging

Ried fan de Fryske Beweging
foar Fryslân, Friezen en it Fryske

Kees van der Beek is út namme fan It Boun fertsjintwurdiger nei de Ried fan de Fryske Beweging. Tidens de Riedsgearkomste fan 27 oktober waard yngeand praat oer de takomst fan de Ried. It ferslach stie op ItNijs.frl. Begjin desimber koe elk in reaksje jaan en ein desimber kaam dit berjocht nei bûten:

“Ried fan de Fryske Beweging sil yngeand reorganisearje”

Oer it nije beliedsplan fan de Ried fan de Fryske Beweging is op in gearkomste fan it Algemien Bestjoer, dêr’t stipers en fertsjintwurdigers fan oansletten organisaasje manmachtich op ôfkaam wienen, okkerdeis wakker redendield, mar der wie net folle kommentaar op in útstel fan it Deistich Bestjoer om de organisaasjestruktuer yngeand te feroarjen. Meidat de ynsprektermyn op 5 desimber l.l. ôfrûn, sil dat op de folgjende gearkomste fan it Algemien Bestjoer, yn stimming brocht wurde. Soks docht de Ried te witten yn syn fearnsjierberjocht dat dizze wike ferspraat waard.

Nei alle gedachten sil it útstel goedkard wurde en dan hâldt de Ried op mei in koepelorganisaasje te wêzen foar in griemmank oan organisaasjes. Dy bliuwe wol belutsen fia in advysried. Mar de Ried wol ek folle mear enerzjy stekke yn de gearwurking mei oare organisaasjes dy’t relevant binne foar Fryslân, de Friezen en it Frysk. Dêr wurdt in Mienskipskommisje foar opset. Dat is yn neifolging fan de suksesfolle Politike Kommisje, dy’t oan de widze stien hat fan it hjoeddeistige omtinken foar it Frysk yn de polityk.

Omrop Fryslân

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt 15 fan de wurklist (side).

Ta beslút:

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is, al wie dat ek dit jier foar guon: oars as oars!
Ik hoop dat it kommende kritejier foar sawol de krite as foar de kriteleden in sûn jier wêze sil mei gewoan wer in soad nocht en wille.

Kees van der Beek, skriuwer

Ad 5 Ferslach Rekkenopnimmers oer de sifers en begrutting fan 2022/2023:

De rekkenopnimmers bringe tidens de AG ferslach út en jouwe in taljochting.

Ad 6 Finânsjes

REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2022 en BEGRUTTING 2023

BATEN	Begrutting 2022	Rekken 2022	Begrutting 2023	
			Regulier	Jubileum
Ynlagen kriten	€ 500,00	€ 604,00	€ 500,00	
Bydragen publisiteitskoster	€ 120,00	€ 175,00	€ 175,00	
Rintes	€ 0,00	€ 0,00		
JC2023 stipe		€ 500,00		€ 5.000,00
JC2023 advertinsjes				€ 2.500,00
JC2023 ferlotting, yntree				€ 6.000,00
Bydrage Boun Jubileum				€ 15.000,00
Jeften		€ 315,00		
Subsydzje IFAT	€ 1.000,00	€ 1.778,14		
Tekoart	€ 1.230,00		€ 1.720,00	€ 500,00
BATEN mei-inoar	€ 2.850,00	€ 3.372,14	€ 2.395,00	**€ 29.000,00**

LESTEN	Begrutting 2022	Rekken 2022	Begrutting 2023	
			Regulier	Jubileum
Feriening en bestjoer	€ 400,00	€ 884,43	€ 600,00	
Publisiteit	€ 400,00	€ 361,38	€ 400,00	
AG en M&Y-dei	€ 1.250,00	€ 833,57	€ 1.000,00	
Kontribúsjes en stipen	€ 100,00	€ 120,00	€ 100,00	
Jubieumkommisje 2023	€ 250,00	€ 502,83		€ 29.000,00
Rjucht en Sljucht projekt 2.0		€ 84,65		
IFAT-administraasje BSF 2020	€ 450,00	€ 71,70	€ 250,00	
Toaniel WA		€ 45,00	€ 45,00	
Oerskot 2022		€ 468,58		
LESTEN mei-inoar	**€ 2.850,00**	**€ 3.372,14**	**€ 2.395,00**	**€ 29.000,00**

BALANS 31 DESIMBER 2022

DEBET	31 des. 2021	31 des. 2022
ING Saaklik gewoan	€ 2.041,05	€ 2.509,63
ING Sparrekken	€ 16.108,64	€ 16.108,64
Sparrekken SNS-Regiobank	€ 5.960,16	€ 5.960,16
Te verwachten ynkomsten:		
- Oanfrege subsydzje IFAT	€ 1.250,00	
BALANSTOTAAL mei-inoar	**€ 25.359,85**	**€ 24.578,43**

KREDIT	31 des. 2021	31 des. 2022
Te beteljen en ferrekenjen:		
Reserve	€ 2.289,62	€ 1.742,10
Jubileum 2023	€ 11.537,48	€ 11.034,65
Rjucht en Sljucht projekt 2.0	€ 1.718,27	€ 1.633,62
Toaniel WA	€ 45,00	
Iedekaarten 2021-2022	€ 70,00	
Feroarings kapitaal:		
Begjinkapitaal op 1-1-2020/21	€ 8.497,10	€ 9.699,48
Oerskot / tekoart boekjier	€ 1.202,38	€ 468,58
Einkapitaal op 31-12-2020/21	€ 9.699,48	€ 10.168,06
BALANSTOTAAL mei-inoar	**€ 25.359,85**	**€ 24.578,43**

Taljochting op BATEN EN LESTEN 2022

Dit jier is der in oerskot fan krapoan € 470,00. Foar it Rjucht en Sljucht projekt 2.0 is men 5 x digitaal byinoar kaam - it hat lykwols neat opsmiten. De ynkomsten fan de AG en M&Y-dei wiene dit jier foar it FBoU € 0,00 om't de lunsj fia Krite Boadegraven betelle is. Dit sjogge wy ek werom yn 'e kosten. Gjin lunsj, wol sealhier, toanielploech, ensfh.

Taljochting op BEGRUTTING 2023

Om de begrutting 2023 tagonklik te meitsjen is er in ekstra kolom "jubileum" bykaam sadat de kosten foar it 100 jierrich bestean dúdlik binne. Der wie yndertiid al besletten dat it jild fan it Boekefûns , rom € 11.000,00, foar it jubileumfeest wie. It útstel fan it bestjoer is om € 4.000,00 út de algemiene middels frij te meitsjen. We komme dan op

in tekoart fan € 1.720,00 + € 500,00 = € 2.220,00.
It is noch net dúdlik hoefolle subsydzje wy fan Iepen DoEK (= IFAT) ferwachtsje kinne.

Taljochting op BALANS 2022
Op de balans stiet in post Rjucht en Sljucht (projekt 2.0). Dit wie foar in 2 jierrige stúdzje nei de takomst fan it Frysk Boun om Utens. Dit hat lykwols neat opsmiten.

It bestjoer wol jim dan ek foarlizze dat it Rjucht en Sljucht Projekt 2.0 fan 'e baan is en dat it nustje fan rom € 1630,00 by "reserve" op it balâns 2023 opnommen wurdt.

Blokker, febrewaris 2023
Ponghâlder Jan Vogel

Ad 7. Algemiene Gearkomste 2024

Dit jier bestiet it FBoU 100 jier. Sneon 16 septimber 2023 is de dei, dat wy fiere wolle dat wy (noch) besteane. It tinnet út: 12 kriten noch mei rom 1200 Friezen om utens. It kommende jier 2024 sil oppenij dúdlik wurde hoe't de flage der by hinget.....
Hokker krite sil dan de gastkrite wêze foar de AG fan it Boun?

Meastentiids is der in krite, dy't dat jier wat te fieren hat.....
(*Swol – Meppel – Hurderwyk- Súdeast Drinte)*

Ad 8 Toanielsaken

By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen. De ienige toanielploech dy't binnen it ferbân fan it Boun noch aktyf is, is Assen; sy hawwe troch sykte en koroana har aktiviteiten ek dit jier opskood. Foar toanielselskippen wienen de Kriten dit winterskoft dan ek oanwiisd op selskippen út Fryslân.

It bestjoer probearret fia de nij op te rjochtsjen feriening **'Iepen DoEk'**, mei STAF en it Selskip, om dochs wat subsydzje los te krijen by de provinsje Fryslân. Dizze subsydzje soe dan nei de toanielselskippen gean moatte, dy't foar ús, as kriten om utens, spylje.

Dêrtroch binne ús kosten foar sa'n selkip in stik minder heech. Mar ja, dat hat noch bêst wat tiid nedich by de nije organisaasje en de provinsje om dat foar inoar te krijen!

"It Frysk Amateur Toaniel" - IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- FBOU – Frysk Boun om Utens
- It âld-Selskip1844 – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.
IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzje-wykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toaniel-omballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.
IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

IFAT: "De takomst fan it Frysk binne wy sels!"

Foar it FBoU hiene sit yn IFAT: Hâns Dijk en Gerrita Onrust-Otten en de foarsitter Jan Bijkerk .

Ad 9. Bestjoersgearstalling

It roaster fan ôfgean sa't ús bestjoer dat fêststeld hat is:

2023: Gerrita Otten

2024: Gerrit Stegenga en Jan Vogel

2025: Jan Bijkerk

Dit jier is Gerrita Otten reglemintêr oan bar om ôf te gean. Sy is yn 2021 yn it bestjoer ferkeazen yn de fakatuere fan Pietie Westdijk-Kaastra. Sy hat te kennen jûn wer foar in skoft fan 4 jier beskikber te wêzen.

It bestjoer ropt lykwols alle kritebestjoeren op om mei (tsjin-)kandidaten te kommen. Soks alhiel yn oerienstimming mei it Húshâldlik Reglemint fan it Boun. Komme dy net foar 1 maart 2023 binnen by de skriuwer fan it Boun (Kees van der Beek – skriuwerf-bou@fryskbutenfryslan.frl) dan docht it bestjoer it útstel om Gerrita wer foar 4 jier yn te hieren.

Ik wol der wol op wize, dat it gjin fereaske is, dat Bouns-bestjoersleden teffens best-joerslid fan in krite wêze moatte.

Ad 10. Jubileum FBoU 100 jier – 16 septimber 2023

It is safier: 100 jier yn 2023

De tariedingskommisje, besteande út Teatske Haanstra-Bosma fan Assen, Jolanda Lootens-Berg fan Swol, Hans Groenhof fan Assen, Jan Bosgraaf fan Swol, Jan Bijkerk as foarsitter fan it Boun en Kees vander Beek as skriuwer fan it Boun binne al sûnt 2019 byinoar kaam om al fêst it ien en oar op priemmen te setten. De datum fan it Jubileumfeest: sneon 16 septimber 2023.

Yn grutte halen is in programma-ynfolling foar dy dei yn konsept opmakke – it sjocht der sa út:

Der wurdt ûndersyk dien nei de mooglikheid om mei dit Jubileum as Frysk Boun om Utens it predikaat **KENINKLIK** te beheljen. It is slagge, om foar dy dei in Fryske pommerant ree te finen om dy jubileumdei in bysûndere rol te spyljen.
Wa? Dat bliuwt noch efkes in ferrassing.....

De kommisje tinkt, dat Swol in gaadlik plak is foar dit Jubileum-feest. Mei de tiid hope wy dat it mooglik is om sa maklik mooglik dêr te kommen.
De kommisje is dwaande om op dy dei in Jubileum-boek út te bringen.
Wy nûgje no al fêst alle Friezen om utens út om dizze dei mei te meitsjen – lês dêrom dan ek de útnûging, sa't dy nei alle kritebestjoeren takomt en jou jimme op tiid op:

Utnûging

Jubileum 100 jier FBoU – sneon 16 septimber 2023

Alle Friezen om Utens binne dy dei wolkom yn

Wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2 - 8014 AZ Swol

Yn konsept sjocht it programma der sa út:

10.00 - 10.50 o. Ynrin
11.00 - 11.15 o. Wolkom / Iepening
11.15 - 11.20 o. Frysk folksliet
11.20 - 11.30 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin
11.30 - 11.45 o. Taspraak bekende Fries om utens: ……
11.45 - 12.00 o. Utrikken Jubileumboek oan Hâns Dijk en Jitske Kingma
12.10 - 12.20 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin
12.20 - 12.32 o. Utrikking predikaat KENINKLIK (*)
12.32 - 12.40 o. Jubileumliet troch Grytsje Kingma en Rob du Jardin (*)
12.40 - 13.50 o. Lunsj – toast útbringe op 100 jier FBoU
14.05 - 14.30 o. Bounskoar (Swol, Boadegraven en Lelystêd) sjongt
14.35 - 15.00 o. Gurbe Douwstra treedt op
15.00 - 15.20 o. Skoft
15.30 - 17.00 o. Spesjaal Jubileumprogramma fan HYMPHAMP
17.00 - 18.00 o. Tiid foar moeting en petear

18.00 - 19.15 o. Waarm en kâld buffet
19.15 - 19.30 o. Ofsluting – prizen fan de ferlotting ôfhelje

(*) Ofwachtsje of't it slagget……

Hâldt fierdere meidielings oer it Jubileum by op www.fryskbutenfrys-lan.frl

Yntusken: bliuw sûn en hâld inoar in bytsje yn 't each – sykje yn elts selskip inoar op en hâldt de bân yn stân!

Kosten :	**allinnich moarns**	**- € 15,00 p.p. (lunsj ynbegrepen)**
	alinnich middeis	**- € 20,00 p.p. (waarm miel ynbegrepen)**
	de hiele dei	**- € 25,00 p.p.**

oermeitsje foar 15 juny op rekkennûmer fan:

It Frysk Boun om Utens te Hoarn op IBAN: NL94 INGB0 0003 200 77.
mei fermelding fan namme(n) en FBoU100

Opjefte dogge ..

… kriteleden by de skriuwer fan de eigen krite – dy stjoert de dielnim-merslist mei nammen en adressen nei de Bounsskriuwer foar 15 juny 2023 en …

… net-kriteleden jouwe harren streekrjocht op by de Bounsskriuwer foar 15 juny 2023

Wa't, om hokker reden dan ek, foar 31 augustus syn/har opjefte werom lûkt, krijt it jild werom.

skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

Ad 11. Kontakt bestjoersleden mei de kriten

Yn it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens is al jierren de ôfspraak, dat hja op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de kriten yn ús lân. Op 't stuit binne der 12 kriten oansletten by It Boun en 1 is net oansletten. Yn it bestjoer binne ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker kriten kontakt ûnderhâlde sil.
Mar, wat hâldt soks no yn?
Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounsbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden is it mooglik in idee om as krite-bestjoer it kontakt-bestjoerslid fan it Boun ris út te noegjen foar in bestjoersgearkomst....

It riden en farren fan de kriten giet ús, dat mei dúdlik wêze, oan it hert!

Ad 12. Moetings- en Ynspiraasjemiddei 2024 (ideeën)

Suggestjes foar de ynhâld fan dy middei yn 2024 binne tige wolkom!

Oantekens fan de Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan It Frysk Boun om Utens op 26 maart 2022 yn Reeuwijk

Neist de bestjoersleden fan it Boun: Jan Bijkerk (foarsitter), Hylke de Haan, Kees v.d. Beek (skriuwer), Gerrita Otten en Gerrit Stegenga (oantekens), binne der 55 dielnimmers; ek oanwêzich is fr. Lysbeth Jongbloed, de ynlieder fan dizze middei.

De foarsitter fan it Boun iepenet de middei. Hy yntrodusearret fr. Lysbeth Jongbloed, beliedsadviseur by de provinsje Fryslân foar de ôfdieling Taal en Kennis. Fr. Jongbloed kriget it wurd.

Dizze middei giet oer it promoasjeûndersyk dat fr. Jongbloed dien hat oer it brûken fan it Frysk op de sosjale media, it taalbelied fan de provinsje Fryslân en it brûken fan it Frysk troch Friezen om útens. De presintaasje wurdt besluten mei in fersyk om mei te tinken en mei te dwaan by it promoaten fan it Frysk. Hjirfoar binne ferskate mooglikheden.





De presintaasje lokket in protte reaksjes fan de oanwêzigen út. Der wurdt folop meidien oan diskusjes en der wurde ferhalen ferteld oer ûnderfinings mei it Frysk bûten Fryslân.
It petear moat úteinlik troch de foarsitter ôfsluten wurde, oars is der gjin tiid mear foar skoft en it folgjende part fan it programma.

Jan Bijkerk tanket fr. Jongbloed tige foar har sprekken en it yngean op de fragen en opmerkings dy't steld binne. Sy krijt in bosk blommen en it boek 'Friezen yn 'e Frjemdte' foar har ynbring.

april 2022, Gerrit Stegenga

Ad 13. Mediasaken / Omrop Fryslân – Jan Piet Bergmans

It Nijs

*Op freed 8 april 2022 wie it Sieperda-symposium 2022. Dit wurdt organisearre troch it Koninklijk Fries Genootschap, redaksje De Vrije Fries en it Historisch Centrum Leeuwarden'. It tema wie '**Fan nijsblêd oant podcast – over nieuwscultuur in Fryslân.**' De presintaasjes op dit sympoasium wie foar Omrop Fryslân oanlieding om in ynstjoerd stik nei it digitale wykblêd It Nijs te stjoeren. Op 25 april 2022 is dit publisearre mei de titel "In Omrop foar elkenien". De tekst is hjirûnder yn syn gehiel opnaam.*

Omrop Fryslân

Omrop Fryslân hat in bysûndere posysje yn it publike omropbestel fan Nederlân: wy binne de iennige dy't de Fryske taal foar kar nimt yn al syn uterings. In kommersjeel bedriuw soe der net oer tinke om hjir ek mar de diskusje oer oan te gean, mar dochs liket it derop dat guon ha wolle dat we hjirmei ophâlde om't it minsken bûtenslute soe.

De stream oan mieningen nei it Sieperda Sympoasium, yn in protte gefallen fan minsken dy't dêr sels net by wiene, freget om in reaksje. Wat foar ús dan wer apart fielt, want ús talige sitewaasje is nei ús betinken sa gewoan as wat.

De twadde rykstaal yn ús provinsje hat it net maklik. Provinsje en oare oerheden dogge yn 'e mande mei organisaasjes as Afûk en Cedin in protte war om dy posysje te ferbetterjen. Omrop Fryslân is fansels in mediabedriuw en gjin taalbefoarderer, mar troch it konsekwint brûken fan it Frysk kin ús betsjutting foar it fuortbestean fan taal en kultuer hast net oerskat wurde. Dêrfan binne we ús bewust, nettsjinsteande it feit dat kommunikaasje foarop stiet. Omrop Fryslân is in ferbinende faktor en wol dat út oertsjûging en út syn publike opdracht wei ek wêze. De taal spilet dêr in krúsjale rol yn.

Feitlike sitewaasje

Lit ús foarop stelle dat hast 95 % fan de ynwenners fan Fryslân it Frysk ferstean kin. Foar wa't it net kin, helpt it harkjen nei de Omrop om it te learen. Oangeande it lêzen en skriuwen leit it oars. Dochs sjogge we dat de berjochten dy't de Omrop op de social media kanalen útset yn it Frysk wurdearre wurde. Jongelju brûke de Fryske gifkes en memes manmachtich. De reaksjes op de berjochten binne ek faak yn it Frysk, mar likegoed yn it Nederlânsk. De minsken fiele har frij om te reagearjen yn de taal dy't sy it bêst machtich binne. Wat in rykdom!

En om't Fryslân in twatalige provinsje is, kin berjochtjouwing op ús webside en de Omrop Fryslân-app ek yn it Nederlânsk oanklikt wurde. Dat is gjin tebeksetten fan it Frysk, mar temjitte komme oan de ynwenners dy't it Frysk (noch) net goed lêze kinne. We witte dat in protte nijkommers ûnder oaren troch ús programma's de taal fan dizze provinsje yn 'e macht krije. We begripe lykwols dat nijkommers mei in hiele oare kulturele en talige eftergrûn it al lestich genôch hawwe om it Nederlânsk te learen, mar wol graach it nijs yn har eigen omjouwing folgje wolle. Ek foar harren is it Nederlânske flachje oan te klikken. Dat is yn ús eagen rekken hâlde mei elkoar: nije ynwenners stelle har iepen foar de taal fan de regio dêr't se delstrutsen binne en dy nije omjouwing stipet by dat proses.

Sjoernalistike kwaliteit

Omrop Fryslân is algeduerigen dwaande om de sjoernalistike kwaliteit nei in heger plan te krijen, lykas de beide deiblêden dat dogge. Dêrfoar wurkje we sels gear yn in moai projekt om trije jier lang alle jierren trije talintfolle sjoernalisten priuwe te litten oan it fak, te toanen hoefolle kânsen oft hjir lizze om harren te ûntjaan en tagelyk in stevige basis te lizzen op it mêd fan it Frysk en kennis fan kultuer en omjouwing.

We kieze mei hiel ús oertsjûging en hert foar it Frysk en fine net dat dy kar ús beheint yn kwaliteit. Sterker noch: we nimme sjoernalisten oan dy't it Nederlânsk as memme-taal hawwe, mar op grûn fan in positive taalhâlding flot Frysk brûke kinne. Wy ynves-tearje sels yn stipe om ús minsken op in sa goed mooglik nivo te krijen en dat sil nedich bliuwe.

De bysûndere posysje fan Omrop Fryslân omearmje we en tagelyk wolle we graach (mear) gearwurkje yn de Fryske sjoernalistyk om ús nijs-, ferdivedearjende, ynformear-jende en jongereinprogramma's op alle mediakanalen fuort te sterkjen. Dat we op ús kanalen it Frysk brûke en dêrmei trochgeane, is foar ús gjin inkele fraach.

Omrop Fryslân - Ingrid Spijkers, haadredakteur
Houkje Rijpstra, direkteur bestjoerder

Kontaktpersoan Mediasaken, Jan Piet Bergmans

Ad 14. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

a. It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.
b. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside www.fryskbutenfryslan.frl .
c. It trochjaan fan Krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is no in Aktiviteiten-kalinder opnommen: alle kriten jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn 't winterskoft op 'e rol stiet.

De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk, Ida Knobbe-Kramer en Kees van der Beek: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl / www.fryskbutenfryslan.frl

It ûndersyk nei de takomst fan it FBoU, út namme fan it Boun en útfierd troch Jan Boomgaardt fan De Haach, is yn 2021 foar 2 jier oangien. Spitich genôch hat Jan yn syn syktocht gjin dúdlike oanknopingspunten fine kinnen om as FBoU mei oan de slach te gean. Wy sprekke ús grutte wurdearring út foar Jan syn krewearjen! Hy hat nei 2 jier ferslach dien fan syn ynspannings en de ûndersyks-opdracht werom jûn sa as ôfpraat. Wat fan it restant bedrach, dat by it opheffen fan de krite "Rjucht en Sljucht" fan De Haach taskikt wie foar dit ûndersyk, oerbleaun wie, is no takaam oan de Bouns-kas.

Ad 15. Nijsfoarsjenning nei de kriten ta

Dêrfoar hawwe wy ús **Ynformaasjemap**. Dy stiet op ús webside en wurdt dêr ek regelmjittich ferfarske. Is der nijs/binne der feroaringen dan kin men de Ynformaasjemap op de webside fan It Boun sûnder wachtwurd rieplachtsje. Meitsje dan ek sa folle mooglik gebrûk fan ús webside:
www.fryskbutenfryslan.frl, benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. De Aktiviteiten-kalinder op de webside jout in moai oersicht fan alle aktiviteiten; elke krite jout dy ynfo troch oan de redaksje fan de webside of oan de skriuwer fan it Boun. Sjoch ek ris ûnder de knop "Weblog". Sa kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten. It AMBYLD, mei de gearkomstestikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail nei de skriuwers en foarsitters fan de kriten; dy is ek yn te sjen op ús webside. Fierders giet it AMBYLD nei tal fan oare Fryske organisaasjes en media.

Ad 16. Studinteferienings - Krystkongres 2022

30 desimber 2022 stie dit ferslach op ItNIjs.frl

Foar de 90ste kear waard op 28 desimber yn Frjentsjer it Krystkongres holden yn De Bogt fen Gené, it âldste studintekafee fan Nederlân. Neidat it kongres twa jier net trochgien wie fanwegen koroana, koe it no wer heve. It kongres wurdt organisearre troch de Federaasje fan Fryske Studinteferienings, mei fertsjintwurdigingen yn Grins (Bernlef), Wageningen/Weinum (WSSFS) en Delft (Aldgillis).

It kongres waard dit jier mei mear as hûndert studinten (en âld-studinten) in eklatant sukses. It bestiet út in tal fêste ûnderdielen, lykas moarns in ûntfangst troch de boargemaster fan Waadhoeke, middeis it sympoasium en jûns de kabaretkriich en studintikoaze eleminten as in bier- en frikandellekriich. By einbeslút is der dan muzyk en dûnsjen oant yn de lytse oerkes.

It tema fan it sympoasium wie diskear **Stjer fan Fryslân**. Yn dat ramt wiene der libbensferhalen fan in tal min of mear pommerante Friezen fan jong oant âld. De earste sprekker wie de ferneamde waarman en klimaatsaakkundige **Gerrrit Hiemstra**. Sûnt koart is er nei Balk (Back to the roots) ferfearn en hat er in eigen bedriuw (Weather Impact) dat him rjochtet op de ynfloed fan de klimaatkrisis op ûntwikkelingslannen. Hy fertelde dat er yn syn studintetiid oan de doetiidske Lânbou Hegeskoalle yn Weinum lid fan WSSFS wie en sels lid fan de Krystkongreskommisje! (applaus). Hy begûn mei de konfrontearjende fraach oan it publyk: “Wa fan jimme is âlder as fyftich jier?” Dat wiene mar in pear oanwêzigen. “Dat is de iennichste groep dy’t noch autoleaze sneinen meimakke hat. De jongerein kin him dat net mear foarstelle.” Hiemstra bedobbe ús ûnder in grut tal sifers dêr’t bliken út die dat wy it op koarte termyn wer sûnder fossile brânje dwaan moatte, wolle wy de ierde rêde. Dêrom moatte we fan it gas ôf, net mear fleane, fegetarysk ite en elektrysk ride, fytse of iepenfier ferfier brûke. Kowefleis bygelyks soarget foar in emisje de kg. fan 34 kear safolle CO2 as 1 kg pûlfruchten, tsiis 18 kg. safolle.

Foto: ItNijs.frl

Twadde sprekker wie de 75-jierrige keunstner **Ids Willemsma**. Syn metalen keunstwurken binne rûnom yn Fryslân te finen, bygelyks syn timpel op de seedyk by Marrum. Hy begûn mei it foarlêzen fan in tal eigen gedichten en toande dêrnei dia’s út de âlde doaze fan foarbylden fan syn wurk. Hy hie in lestige jeugd troch problemen mei syn âlden. Syn heit wie derop tsjin dat er keunstner wurde woe. Mar hy wie in trochsetter en it slagge him. Hy waard ek er in grut sportman; sa hat er fjouwer kear de Alvestêdetocht reedriden. Keunstgoeroe Tom Mercuur sei fan Willemsma dat er nea keunstner wurden wie, hy wie it al. Hy hie himsels al taret op ‘It Grutte Fuortgean’; syn deakiste stiet al klear. Fierder is er in echte natuerman, dy’t in protte ynspiraasje út de natuer hellet. Fan autoriteiten moat er neat hawwe, lykas frou Helder fan de provinsjale keunstadvyskommisje dy’t fan him sei: “De man maakt altijd hetzelfde.” Hy makke doe in keunstwurk fan in kikkert “met helder inzicht op helicopter perspectief”. Mar singelier genôch is dizze frije fûgel poer op boeren tsjin dy’t protestearren mei omkearde Nederlânske flaggen (“strontsiik wurd ik dêrfan”).



Foto: ItNijs.frl

Foto: ItNijs.frl

Filmmakker **Janko Krist** wie de tredde stjer. Hy (40 jier) is de man efter Hea fan Omrop Fryslân (mar waard letter ûntslein troch de Omrop). Hy is ek presintator by NPO3 en de man efter de film Stjer, in kaskreaker yn Fryslân, mar dêrbûten in flop, neffens him. Hy joech in tal libbenslessen mei as wichtichste: "Hoefolle ast ek ferneukst yn dyn libben, minsken ûnthâlde allinnich de suksessen." In oare les: folgje wat wurk oanbelanget dyn passy en doch net wat de bêste karrière liket.

Foto: ItNijs.frl

Stjer 4 wie **Femke Wiersma**, by it grutte publyk bekend fan Boer zoekt Vrouw, mar no de frou efter politikus Caroline van der Plas, lieder fan BBB (Boer, Burger, Beweging). It wie har jierdei en it publyk barste fuort los yn 'Lang zal ze leven!' Se begûn har ferhaal mei in fûle oanfal op Ids Willemsma syn stânpunt oer omkearde flaggen. Neffens har gie it om in needgjalp fan boeren dy't rûnom de skuld fan krije en troch de oerheid net sjoen wurde. Der is gjin sprake fan dat by de boeren it jild tsjin de plinten op klotst, sa't Ids Willemsma ha woe. De measte boeren fertsjinje amper mear as it minimumlean, harren fermogen sit yn it bedriuw en komt pas frij as se harren bedriuw ferkeapje. Mar dat wolle de measte boeren just net, omdat se hingje oan harren bedriuw dat faak al generaasjes lang yn de famylje sit. Boer is gjin berop, it is in libben! Femke kaam mei tal fan sifers dy't bewize moatte dat it bioferskaat op lânbougrûnen allinnich mar better wurdt… Keunstdong en bestridingsmiddels soene gjin kwea dwaan. Sûnder ús yntinsive lânbou soe der rûnom op de wrâld hongersneed ûntstean. Femke Wiersma waard fûl oanfallen troch lânbouspesjalisten yn de seal, mar se praten op ferskillende weachlingten sûnder nei-inoar harkje te wollen.

Tsjin seizen wie it sympoasium ôfrûn en sakken de studinten nei de bar ôf om de kiel te smarren mei in Bearenburchje.

Skriuwer: Jehannes Elzinga fan Frjentsjer

Ad 17. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Op ItNijs.frl stie desimber 2022 dizze Nijsbrief: **2023 – It jier fan ienriedigens**

Boarne: Folkshegeskoalle Schylgeralân

Yn de tiid fan it jier dat oeral oer goede foarnimmens neitocht wurdt, jout de Folkshegeskoalle Schylgeralân dêr syn eigen slinger oan. Direkteur Jacqueline Spendel skriuwt yn har twatalige nijsbrief:

2023 roppe wy út ta it jier fan de Ienriedigens. *Krekt omdat der fan alles oan de hân is yn 'e wrâld, wolle wy hjir sunich wêze op de lytse, mar och sa wichtige dingen yn it libben: weardefolle moetings, stilte, elkoar in lústerjend ear biede, efkes hearlik laitsje en mei-inoar ûntspanne.*

It royale kursusoanbod jout dêr alle romte ta. Yn de kursuskalinder foar 2023 wurde mar leafst 67 kursussen mei in enoarm ferskaat oan ûnderwerpen en tema's oankundige.

Foar ynformaasje: info@folkshegeskoalle.nl
Webside: www.folkshegeskoalle.frl
It adres: **Folkshegeskoalle Schylgeralân**
Badwei Hoarne 11
8896 KC Hoarne Skylge
tillefoan: 0562 – 448954

Eareleden fan it Frysk Boun om Utens

Stoffel Haagsma,
Sjoerd D.A. Bakker
Hâns Dijk



Oansletten Kriten (skriuwer/ster – it mailadres kin fan in oar wêze!)

Apeldoarn: "FIER FAN HUS", Gerrit Stegenga; fierfanhus.apeldoorn@gmail.com;
Assen: "US MEMMETAEL", Hans Groenhof; hansenmetje@home.nl;
Boadegraven: "FIER FAN HUS", T. Broere-Tiesinga; tinibroere@kpnmail.nl;
Hilversum: "FRYSK EN FRIJ", A.R. Koopmans-Nieuwland; kritehilversum@gmail.com;
Hoarn: "TROCH DE TAEL FORBOUN", Jan Vogel; yellowbirds53@gmail.com;
Hurderwyk: "MEI INOAR IEN", Kees en Siska van der Beek; savanderbeek@gmail.com;
Twente: "FREONEN FRYSKE KULTUER", Auke Hoekstra; a.hoekstra1@lijbrandt.nl;
Lelystêd: "DE SEKRITE", Luit Dijk; luit.dijk@kpnmail.nl;
Meppel: " WALING DYKSTRA", Romke E. Egbers; walingdijkstra@kpnmail.nl;
Súdeast-Drinte: “SUDEAST-DRINTE”, Sjouke van der Veen;
sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl;
Swol: "FRYSK SELSKIP SWOL", Jolanda Lootens-Berg; jolandalootens@live.nl;
Utert/Seist: "MEI INOAR IEN", J.P. Bergmans; j.p.bergmans@casema.nl;

NET-OANSLETTEN KRITE:

Roan: "ROAN EN OMSTREKEN"; Klaziena van der Molen-Kampen;
gerritenklaziena@gmail.com;

Bylage I by jierferslach skriuwer

Haadbestjoer:

Foarsitter	Jan Bijkerk, foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl;
Skriuwer	Kees van der Beek, skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl;
Ponghâlder	Jan Vogel, yellowbirds53@gmail.com;
Twadde skriuwer	Gerrit Stegenga, gerrit.stegenga@planet.nl;
Lid Algemien	Gerrita Otten, g.onrust1@gmail.com;
Lid Algemien	Hylke de Haan, hylke_de_haan@hotmail.com;

Webmaster	Jan Bijkerk, itbounomutens@janbijkerk.nl;
Skaad-webmaster	Ida Knobbe-Kramer, iknobbe@hccnet.nl;
Media saken	Jan Piet Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl;
Takomst FBoU	Jan Boomgaardt, jan.boomgaardt@planet.nl;

Bylage II by jierferslach skriuwer – ledetallen ensfh. en stiftingsjierren

Ledetallen:

KRITEN	tal leden		ynlage		tagongspriis	
			Euro's		grutte toanieljûn	
	01-01-2022	31-12-2022	ienling	pear	lid	net-lid
Apeldoarn	122	103	15,00	30,00	15,00	17,50
Assen	130	117	8,00	15,00	10,00	12,50
Boadegraven	53	52	10,00	20,00	12,50	17,50
Hilversum	75	73	15,00	30,00	10,00	15,00
Hoarn	95	85	15,00	30,00	5,00	12,50
Hurderwyk	86	83	15,00	30,00	5,00	10,00/12,50
Twente	➢	➢	➢	➢	➢	➢
Lelystêd	87	77	15,00	30,00	10,00	15,00
Meppel	➢	➢	➢	➢	➢	➢
Sudeast-Drinte	99	91	10,00	15,00	ferskilt	
Swol	103	99	38,00	76,00	10	15,00
Utert/Seist	121	105	12,00	24,00	12,50	
totaal	**1206**	➢				

➢ Op it stuit fan opmeitsjen fan dit AMBYLD beskik ik net oer de gegevens fan dizze kriten – ik kin dus ek gjin totaal opmeitsje.....

Stiftingsjierren:

KRITEN	Oprjochte yn	d.d.	2022	2023	2024	2025	2026
Swol	1899	8-feb			125		
Utert/Seist	2019	18-mei			5		
Apeldoarn	1901	9-dec					125
Hoarn	1911	11-nov					115
Meppel	1924	24-feb			100		
Assen	1930	18-dec				95	
Boadegraven	1946	15-jan					80
Hilversum	1947	8-mrt	75				
Lelystêd	1971	26-nov					55
Hurderwyk	1979	8-mei			45		
Twente	1980	22-mei				45	
Sudeast-Drinte	1994	12-apr			30		

Krite-aktiviteiten:

KRITEN	Toan	Kaba	Krystm.	Tsj	N.b/L.g*	Eksk	Stud	Lêz	Oars
Apeldoarn	1/50	1/50			1/30			2/30	
Assen	-	-	-	-	-	-	-	-	-
Boadegraven					1/72				
Hilversum	-	-	-	-	-	-	-	-	-
Hoarn	2/50	1/50						1/35	
Hurderwyk	1/70								
Twente									
Lelystêd		3/45			1/40		1/5		1/40
Meppel									
Súdeast-Drinte					1/25			1/20	1/25
Swol		1/57	1/72	1/30	1/28			1/42	1/37
Utert/Seist		1/37			1/14				1/25

Taljochting: *N.b. = Nijjiersbesite - *L.g. = Ledegearkomste

1/60 betsjut: 1 aktiviteit mei sa'n 60 minsken oanwêzich. Krite-bestjoeren hawwe troch de Koroana-pandemy, dy't yn maart 2020 útbruts, in soad krite-aktiviteiten ferfalle litten – ek yn 2022 siet oan it begjin fan 't jier it lân 'op-slot' – tsjin de simmer mochten wy wer 'los-gean', mar it docht bliken, dat ek Friezen om utens net mear sa dryst binne ....